

NASJONALE fan BOEKEWIKKE 11 o/m 19 maart 2023

'De earlike finer', fergees Boekewikegeskink'

It tema fan de 88e nasjonale Boekewike is 'Ik ben alles'. Mei dat tema wol de CPNB stilstean by de pluriformiteit fan ús identiteit. Foar de Boekewike fan dit jier is Lize Spit frege om it nasjonale Boekewikegeskink te skriuwen. 'De earlike finer' is in ferhaal oer freonskip, solidariteit en it belang fan rituelen.

De earlike finer

Lize Spit

Mei it Boekewikegeskink De earlike finer fertelt Lize Spit in meinimmend ferhaal oer freonskip, solidariteit en it belang fan rituelen.



Kado
boek
2023

By oanskaf fan €15,- oan boeken by jo boekhannel krije jo it Boekewikegeskink – yn it Nederlânsk óf yn it Frysk – der fergees by.

Literêre jûn mei Lize Spit & Elske Schotanus

De
kaart-
ferkeap
is los!



Boeken fan Fryslân organisearret op sneon 18 maart 2023 yn dbieb yn Ljouwert in literêre jûn mei de skriuwer fan it nasjonale Boekewikegeskink 2023, Lize Spit.

Yn opdracht fan Boeken fan Fryslân makke Elske Schotanus de Fryske oersetting fan it nasjonale Boekewikegeskink fan dit jier.

Op de literêre jûn wurde sawol de haadgast en skriuwer fan it Boekewikegeskink, Lize Spit, as de oersetter, Elske Schotanus, ynterviewd troch Coen Peppelenbos. Nei ôfrin fan it programma is der romte foar sinjearjen en in drankje. Boekhannel Van der Velde fersoarget de boekferkeap.

Literêre jûn mei Lize Spit & Elske Schotanus

Lokaasje: dbieb, Ljouwert
Ynrin: 19:30 oere

Kaarten à € 9,00 fia: dbieb.op-shop.nl
NB Wês der gau by, der is beheind plak

Sjoch op de webside fan Boeken fan Fryslân foar mear ynformaasje oer projekten en aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân: boekenfanfryslan.frl.



Kyra

Elske Schotanus

€ 15,00

NIJ

De Graphic Novel Kyra spilet yn It jier fan de Rôt, it jier dat covid-19 elk syn libben behearsket. Kyra is de skiednis fan it ferlies fan in leafde tsjin de kleurrike achtergrûn fan sawol ienriedigens en ferbûnwêzen as eangst en skeel.



De
letterfretter

Lida Dykstra

€ 18,99

NIJ

In boek fol taalrykdom. Alle lûden dy't yn it Frysk foarkomme steane yn dit boek systematysk op in rychje. Folgje de letterfretter op syn reis en lear boartsjendewei alle Fryske lûden en de aldermoaiste Fryske wurden. Fan 0 – 110 jier.



Skaadhûn

Syds Wiersma

€ 15,00

NIJ

Skaadhûn is de fyfde dichtbondel fan Syds Wiersma (Grou, 1963). In ferskaat oan tema's komt yn dizze bondel oan bod, mar de dichter hat altyd in skaadhûn om him hinne: as wyspelsturtsjende muze, in hazzewyn út it ferline, mei blikkerjende toskens yn it no, of mei ôfjage earen op romte en tiid.



Erfskip

de saga fan Ubba
Skylding

Willem Schoorstra

€ 22,50

NIJ

In hybride fan in roman en in saga. In epyske fertelling, basearre op in skriftlike oerlevering út de 12de iuw. Mei ûnbegrinzge ferbyldingskrêft sketst Willem Schoorstra in byld fan de ier-midsiuwske wrâld, en jout alsa de histoaryske roman, troch it unike karakter fan Erfskip, in folslein nije diminsje.



Ska(r)l

Ids de Roos

€ 20,00

NIJ

Ids de Roos (1954) is berne yn Skarl. Hy ferliet it doarpke doe't er achttjin wie, mar hat Skarl noait hielendal loslitte kinnen. In soad dingen steane him noch helder foar de geast: de feekeapman, in skoalmaat dy't wilsterflapper wurde moast, it ferhaal fan syn heit oer de koppige fiskerman Sjouke Bot en in soad doarpstypes lykas kleanmakker Klaas Snider of turfskipper Jabik Minses.



NIJ

Schippers-
vrouwen

Sippy Tigchelaar
Alice Booij

€ 24,90

Wanneer het over de binnenvaart gaat, blijft de rol van de schippersvrouw meestal onderbelicht. Toch is zij van onschatbare waarde geweest. Samen met haar man, en vaak ook hun kinderen, hield ze het schip in de vaart. Hoe beleefden vrouwen aan boord van skûtsjes en andere vrachtschepen de schipperij? In dit boek vertellen vijftien sterke vrouwen hun indrukwekkende levensverhalen.



Blau fan
dagen, griis
fan ônrust

Gerard Marcel
de Jong

€ 19,50

NIJ

Sierd Lautenbag, 'n echte Bilkert, is 'n kûnstschilder die't met syn Bildtse landskappen de top beraikt het. Hij is súksesfol maar komt op 'n doad spoor telân. De doad fan syn hait, dat hij nooit 'n plak geve kinnen het, plaagt him derbij hyltyd meer. 'n Roman over identiteit én de eerste roman in de Bildtse taal.



Covidwikel

Sietse de Vries

€ 17,90

NIJ

Covid kin in oar minske fan ien meitsje. It oerkomt Jan de Vries (06-06-1952, Dinnestrijtte 53b, Ljouwert) as er op deselde dei yn Medysk Sintrum Ljouwert opnommen wurdt as Jan de Vries (06-06-1952, Ingelskestrjitte 28, Ljouwert). Fiif wike letter, as de dokters him better ferklearje en mei in taksy nei hûs stjoere, stapt er in oar libben yn.



De wûndere
leafde fan
Emine en
Einte

Willem Verf

€ 26,50

NIJ

Emine wit dat Einte like fereale is op har as sy op him. Wêrom besiket er har dochts te ûntrinnen? Einte wrakselt mei de fraach: kin dat, mei dat, hat ien dy't in moard fersjijt it rjocht om echt fan in oar minske te hâlden? Undertusken bringe hja bern grut, meitsje se suksesfol muzyk en wurde se meinommen troch de aktualiteit en de famyljeskiednis.



NIJ

Hoe't in
minsk besibbe
rekket

en oare ferhalen

Ruerd Smaling

€ 18,95

De ferhalen yn dizze debútbondel bringe ús nei in wiet Inverness, nei de kant fan ien fan 'e Fryske marren, yn in nearzige keuken mei yn it midden in deakiste, op in drokke famyljereüny mei allegear bliere minsken, yn it stadion fan SC Heerenveen of op in sinnich Sint Maarten. Mar wêr't wy ek tahâlde, noait witte wy oft wy op it juste stuit op it juste plak binne.